

# Vanuit individu de behoefte zoeken naar collectieve oplossingen

## Waarmtekamera soarget foar bewustwurding

REAHUS – Yn Reahús, oan 'e râne fan 'e Eastereiner polder en minimaal trije kilometer fan oare doarpen ôf, hawwe sy it gefoel op in eilân te sitten. "Volgens het klimaatakkoord moeten voor 2050 alle woningen van het gas af. In de transitievisie Warmte geven gemeenten aan welke gebieden wanneer aan de beurt zijn. Reahús staat niet bovenaan en neemt daarom zelf het initiatief om de transitie te maken. De gemeente Súdwest-Fryslân steunt dit initiatief," seit Carola Mordhorst. Tegearre mei oare entûsjaste doarpelingen wol sy sjen nei wêr't de behoefte leit.

Ien fan 'e oare doarpelingen is Haye Postma. Doe't de gemeente in kursus oanbea oer om te gean mei in waarmtekamera, seach hy dêr de potinsje fan yn. "Learst hoe'st der mei wurkje moast en wêr'st rekenskyp mei hâlde moast. Ek it ynterpretearje fan wat ast sjochst, is wichtich."

Op in earste oprop om de kamera

yn it doarp te brûken, kamen earst sa'n acht reaksjes. "Wy kinne rêstich oan," sei Haye oan it begjin fan 'e moarn. Letter hongen der oeral flaggen út. "We hebben de mensen gevraagd om door het uithangen van de vlag aan te geven dat ze willen dat we langskomen met de waarmtekamera." Mei de kamera kinst sjen wêr't der waarmte út 'e hûs



wei lekt en wêr't it dus net goed ticht is of net goed isoleare is. Hoe gieler it byld, hoe mear waarmte at der út 'e hûs wei rekket.

### Energie(k) eiland

Reahús is mei de auto oer in ieuwenâlde kronkeljende dyk mar fan twa kanten te beriken. It

tichstbylizzende doarp, wêr't mei gearwurke wurdt, is oer fytspaden te beriken. "We willen hier een energie(k) eiland van maken," seit Carola. "Zelf opwekken, opslaan en gebruiken van energie. De eerste stap om bewuster met energie om te gaan, is een goede isolatie." Mei de waarmtekamera kinst goed sjen wêr't de minne plakken binne, wêr't waarmte ferlern giet, mar Carola beklammet dat it part is fan in grutter gehiel. "Wij kijken waar in het dorp behoeften liggen en door die behoeften te koppelen, willen we collectief optrekken. Die behoefte ligt voor iedereen anders, afhankelijk van onder andere woonsituatie, leeftijd en budget."

### Waadhoeke

Gjin waarmtekamera te lien

### Ljouwert

Oan te freegjen oer energieloketleeuwarden.nl/mijn-buurt/gereedschapskist-initiatieven. Ynset allinnich mei in (koarte) oplieding.

### Súdwest-Fryslân

Oan te freegjen oer de lokale enerzjykoöperaasje of it pleatslik belang

Op side 14 in fraachpetear mei in ûndernimmer en in bewenner oer it belang fan goeie isolaasje